

Yndikaasje fan de kosten foar it Sintrum Fryske Taal en Kultuer

It sintrum kin út ein sette as nije stipe-ynstelling foar it ûnderwiis. Dy nije ynstelling ûntstiet út it Taalsintrum Frysk fan Cedin en it Sintrum Frysktalige BerneOpfang (SFBO) en inkelde aktiviteiten fan de Afûk dy't bûten de kearnzaak fan de Afûk falle. Yn de rin fan de tiid sille dan foar de aktiviteiten yn de oare domeinen ek meiwurkers oanlutsen wurde. In skaaimerke is de yntegraliteit. De aktiviteiten sille oer de domeinen hinne yntegraal útfierd wurde. Der sil yn it Sintrum ynhâldlik wurk dien wurde en dêrneist sil der in protte fjildwurk barre moatte. Uteinliken sil der in ynstút ûntstean dat ferlykber is mei de *Welsh Language Board*. De besetting wurdt útdrukt yn fte's. Foar ûnderwiis jildt dat de hjoeddeistige fasiliteiten meinaam wurde nei de nije ynstelling mei in útwreiding y.f.m. de foarskoalske perioade, dêr't yn de kommende jierren op in hiel protte plakken it taalbelied noch fan de grûn komme moat.

Domeinen

Underwiis	6	fte
Rjocht	1	fte
Bestjoer	2	fte
Media en netwurk taalhúskes	3	fte
Kultuer	2	fte
Ekonomy en stipe dêrfoar	5	fte
Soarch en stipe dêrfoar	6	fte
Kwaliteitssoarch Fryske taal	1	fte
Projekten	4	fte

Organisaasje

Ried fan bestjoer	3	fte	
Stêfburo	<u>5</u>	fte	*

Totaal 38 fte

Húsfesting

Personiele kosten	€3.000.000	
Ried fan tafersjoch	<u>€ 20.000</u>	**

Totaal €3.020.000

* Finansjele administraasje, personiels- en organisatoaryske saken, ûnderhâld, technyk en automatisearring, ynkeap, post en argyfsaken.

** 3 persoanen